

FRYSK SELSKIP ARUM 100 JIER !

1909 – 2009

Op sneon 14 novimber sil it great feest wêze yn it doarp Arum. Leden, âld-leden, famylje en freonen sille dit mei elkoar yn reünysfear betinke.

It alderearste jierferslach begjint sa: "Doe't de skouboarch to Harns ôfbaernde wie der Nut to Arum en wie de sprekker Sjouke de Zee fan Deinum. Fansels die hy syn wurd yn it Frysk en dat foldie de minsken sa goed, dat hja praetten ôf dat der in Kryte 'Arum' fan it Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse komme soe en dat gie oan."

Sa set de earste skriuwer fan it Frysk Selskip, master Douwe Schaap, út ein.

De oprjochtingsgearkomste is op 15 maart 1909 en dêr wurdt ek it bestjûr keazen:

Frans Abma, Eeltje Kooistra, M. Feitsma, juffer Rypma en master Schaap.

De oprjochting van it Selskip komt net út 'e loft fâllen. Healwei de 19^e ieuw is der yn en om Arum al fan alles geande op it mêd fan recitear kolleezjes, rederykers en sa mear, mei nammen lykas Borger, De Korenbloem, Ons Genoegen, Simon Stijl en DITO (door inspanning tot ontspanning). Arum stiet yn 'e provinsje Fryslân bekend as it âldste Selskip.

It doarp hie troch de Arumer dichter fan It Heitelân, Johannes Linzes van der Burg, ek al oansizzing krigen fan it belang fan it gebrûk fan 'e Fryske taal.

Yn 1913 wurdt it reglemint fan it Selskip goedkard, úteraard^{et} sûnder toekelteammen.

It Frysk Selskip hat ta doel de Fryske sprake te befoarderjen en gesellige gearkomsten te hâlden. Sa begjint it allegearre, ek al is der yn dy earste jierren nochal wat stryderaasje oer de namme Selskip of Kryte. Dat hat meast mei de sinteraasje en de ôfdracht te krijen.

As Pieter Jelles Troelstra syn 'meetings' hâldt yn Fryslân en yn 'e greide fan 'Welgelegen', steande op in boerewein de Arumers tasprekt, kriget ek it Selskip besyk fan him en dêrnei is dy tonger aardich fan 'e loft.

Ein 1915, midden yn 'e tiid fan 'e mobilisaasje, lyket it Selskip op stjerren nei dea.

Mar der steane lokkich minsken op dy't de fakkel oernimme wolle.

Oargelist Wubbenus Jacobs (it Arumer muzykkorps draagt syn namme) wurdt oerrompele mei de fraach de nije skriuwer te wurden. Der hawwe mear djiptepunten west, bygelyks tusken 1926 en 1930, doe't de aktiviteiten sûver stil leine. Sa wurdt der yn 1930 in saneamde trochstart makke mei master Wilkeshuis, Lucie Suierveld-Bruinsma en Murk Hidma.

Der wurdt omraak toanielspyle en men giet ek op en út. Sels yn 'e jierren 1940-'45 stiet men op 'e planken. Master Dijkma spylet yn dit alles in wichtige rol. Der wurde yn al dy jierren priizen woun, de karkommisjeleden binne kritysk en myld tagelyk. Yn 'e rin fan 'e tiid is it in gean en kommen fan regyseurs. Inkele nammen: Joh. Van Zandbergen, Tjitte Piebenga, Piet Broersma, Berend Reinalda. By jubilea fan 'e pleatselike ferienigingen, lyk as keatsferieniging 'Willem Westra' en Fuotbalferieniging Arum, wurdt der spyle, meastentiids in ienakter. Sa no en dan wurde der ek Fryske lessen jown yn it Doarpshûs.

Om de holle boppe wetter te hâlden is der gauris aksje fierd. Heal Fryslân is fan koeken fersjoen. Lokkich is der in protte oan oantinkens bewarre bleaun.

Tiidens it hûndertjierrich jubileum sil der grif stil stien wurde by al dy minsken dy't it Selskip in waarm hert ta droegen, lykas eartiids Johanna Terpstra, dy't 50 jier meispile hat. Yn 'e feestrede komme de kwaliteiten en eigenaardichheden fan de actyve toanielspylders foarby.

Âld lid Renze Yetsenga (no yn Grins) is der drok mei dwaande om der wat moais fan te meitsjen.

It hjoeddeiske Frysk Selskip Arum is in libbene ferieniging, dêr't jong en âld oan meiwurket.

keamer	
De earste skriuwer yn Fryslân wie Jan	
Jarduy	to Ljouwert.
Arum	op de 1e toanielklub
yn Fryslân	wie yn 1720: 't Hat in
niele toaniel	er sadanich
hjit en	to krijen.

'de gearkomste' nei in idee
fan de skriuwer fan it doarps-
belang. Hierswreun troch
Harm. Doekela Joke. Libbe.